

Tema: Us plak op'e wrâld

Tsjil

Op 'e flecht

Aaisykje mei Nynke

KING of Wilhelmina?

Jiergong 25 | nûmer 7 | maaie 2022

YNHÂLD

Dit en Dat 3

Gedicht 4

Sjoch my 5

Tsjille fragen 6-7

Ferhaal 8-9

Tsjilpost 10-13

Witst al dat 14-15

Linkke side 16

Eefkes foarstelle 17

Stjerrerein 18

Puzelside 19

Jelte, Morris & Jamilla 20



Kolofon

Tsjil is in tydskrift foar bern fan de boppebou fan 'e basisskoalle.

Einredaksje tydskrift Tsjil:
Tjitske van Akker

Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra

Tekstkorreksjes:
KonSEPT

Foto foarkant:
Fotobureau Hoge Noorden
Jacob van Essen

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten

☎ 088 0200 300
✉ tsjil@cedin.nl
🌐 sintrummeartaligens.nl
ISSN: 1389-348X

Abonnemintsprizen 2021-2022:
Abonneminten op Tsjil binne
troch rinnende abonneminten.

It tydskrift wurdt acht kear yn it jier
as klassepakket útjûn.
Pakket à 15 stiks: € 150,- yn 't jier
Pakket à 30 stiks: € 200,- yn 't jier
Opsizzen fan it abonnemint kin foar
1 juny fan it rinnende skoaljier.

TAALPLAN
FRYSK 2030

Wynvestearje mei Taalplan Frysk yn
de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op
alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's.
Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking
fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk,
NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko,
SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter



Hee Tsjille lêzer!

OERAL THÚS,
MAR THÚS IT BÊSTE!

Oeral thús, mar thús it bêste?!

De lokkichste minsken fan Nederlân wenje yn Fryslân, sa docht bliken út in ûndersyk fan it CBS. Friezen binne wiis mei it plak dêr't se wenje, hawwe hjir de romte en genietsje fan de moaie natuer en de frisse lucht. Ek passe se op inoar, sadat minsken minder gau iensum binne.

Friezen steane der om bekend dat se graach reizgje om wat fan 'e wrâld te sjen. Hoe moai of oars it oeral ek is, dochts meie we ek wer graach thúskomme. Werom nei ús eigen bêd, ierappels mei blomkoal en in gehakbal. Dêr komt ek de spreuk *Oeral thús, mar thús it bêste* wei.

As minsken lang fuort binne of ferhúzje, nimme se eins altyd wol wat mei wat se tinken docht oan Fryslân. In Fryske spreuk oan 'e wand, it sjaaltsje fan harren Fryske fuotbalklup, foto's fan 'thús' en fansels faak de Fryske flagge. Foar Friezen in belangryk symboal. De Fryske flagge komt oeral op 'e wrâld tsjin, mar is net te finen tusken de emoji's op dyn telefoon. Om't Friezen sa grutsk binne op harren Fryske lân en flagge is Omrop Fryslân 2,5 jier lyn in aksje start mei de namme Operaasje Fryske flagge. Friezen dy 't net mear yn Fryslân wenje, kinne op in spesjale webside oanklikke wêr't se no wenje en moatte dêr dan in foto meitsje mei de Fryske flagge. Troch oan te jaan hoe populêr sa'n Frysk flachje op 'e telefoon wol net is, hope de omrop in oanfraach yntsjinje te kinnen by de Unicode kommisje dy't bepaalt hokker nije emoji's derby komme meie. Spitigernôch liket it derop dat dizze operaasje net slagje sil. Flaggen binne net mear sa populêr neffens

Unicode en dêrneist is Fryslân net in selsstannich lân mar in part fan Nederlân. Miskien fine se by Unicode in pompeblêd-emoji wol in goed idee?

Mist sels noch in emoji of wolst mei de klasse ien ûntwerpe? Hâld dan rekken mei de folgjende easken: it lytse plaatsje moat dúdlik, populêr en unyk wêze. It kin dus bygelyks net gearstald wurde troch in kombinaasje fan twa of trije besteande emoji's.

It tema fan dizze Tsjil is: ús plak op 'e wrâld. It is fan alle tiden mar ek seker no wer, troch de oarloch yn Oekraïne, aktueel dat lang net alle minsken in feilich wenplak hawwe. Sille we der mei-inoar foar soargje dat minsken gastfrij ûntfongen wurde salang't sy net nei harren eigen bêd en famylje werom kinne?



Groetnis, Tjitske



PS foar juffen en masters: Nei de simmer makket Omrop Fryslân wer nije programma's mei en foar de bern út 'e boppebou! Yn gearwurking mei ferskate partijen binnen Taalplan Frysk 2030 binne dy programma's, Tsjil en Spoar 8 tematysk mei-inoar ferbûn en slute opinoar oan. Yn de folgjende Tsjil mear ynformaasje!

SKULPKES

ik sink
dus ik bestean

ik fyn in boatsje
yn myn dream

al wenje ik hiel fier
fan de weagen

seelûden azemje
yn de skulpkes
fan myn earen





'As ik yn it lân rin en ik hear in ljip of skries en it sintsje skynt my yn it gesicht, dat fyn ik wol sá moai!' De 12-jierrige Nynke Antse Zijlstra fan Harns fynt aaisykjen it aldermoaiste wat der is. 'Ik mei graach bûten wêze.'

Dy hobby begûn twa jier lyn. 'Yn de koroanatiid hie ik tiid oer,' fertelt Nynke. 'Heit hat it my leard. En hy hat it wer fan syn pake leard.' En Nynke hie fuortendaliks gelok: 'Ik fûn in broedsje, in nestje mei fjouwer aaien deryn.' Doe hie Nynke de smaak te pakken. 'Wy ha allegear moaie stikjes lân fûn dêr't wy sykje. Ien is by ús foarhûs.' Sa no en dan gie de polsstôk ek mei.

Mar hoe witst no oft earne in nestje is? 'Moatst in bytsje nei de grûnsoarte sjen. Meastal sitte ljippen yn mais, boulân of plasdras.' En dan moatst derom tinke oft der ljippen oerfleane. 'As der strie en stront leit, dan witst dat it in moai lân foar fûgels is om harren nêsten te bouwen.'

Ek moatst de roeken yn 'e gaten hâlde. 'Roeken binne de fijannen fan ljippen. As se aaien hawwe, wolle roeken dy opite. Ljippen binne hiel fûl tsjin roeken en seefûgels as se aaien ha. Dy fûgels jeie se fuort.' Nynke wit dus

presys wêr't se op lette moat as se aaisiket. 'Ast der dan ien fynst, jout it dy in kick, in soart skokje!'

Nynke sit by de Fûgelwacht en hat ek in stikje skreaun oer har aaisykaventoeren yn it krantsje fan de Fûgelwacht. It leafst woe se it earste jeugdljipaai fan Fryslân fine. Bern fan 6-12 jier meie sykje en de winner krijt in priis: it Sulveren Polske. 'Ik wie elke moarn en jûn yn it lân.' De wekker gie moarns al om kertier foar seizen. Mem Henny laitsjend: 'Dan wiene Nynke en har heit alwer fuort. Ik seach se hast net.'

Nynke wie spitigernôch krekt te let: it earste jeugdljipaai wie al fûn. 'Dat fûn ik hiel spitich, want dit wie it lêste jier dat ik mei sykje mocht by de bern.' Dochs makket Nynke har gjin grutte soargen. 'Takom jier mei ik meidwaan mei de folwoeksenen.'

En wa't ljipaaien siket, moat ek oan neisoarch dwaan: soargje dat de aaien

feilich lizzen bliuwe. 'Wy litte altyd in buordsje achter foar de boer, sadat hy wit wêr't in nestje leit,' fertelt Nynke. De boer set der dan in beskermrekje oerhinne, sadat de trekker of de kij de aaien net stikken meitsje. 'As ik in nêst beskermje, dan komme dêr fjouwer moaie ljippen út. Dat komt dan troch my!'

Ek al is it earste jeugdljipaai al fûn, Nynke gie dêrnei gewoan troch mei sykjen. Gewoan omdat se it sa moai fûn.

Wa wit hearre wy har namme takom jier foarbykommen as sy it earste aai fan har gemeente of sels Fryslân fynt!





Wat is dyn favorite plak op 'e wrâld? Bist it leafst thús yn Fryslân, of dochs leaver op reis? Omrop Fryslân Tsjil makket fansels in soad filmkes oer Fryslân mar fersin dy net, se geane ek wolris oer plakken oer de grins. Raynaud fertelt dy yn dizze Tsjil syn tips fan dizze moanne!

1 PLEINPRAAT OER OEKRAÏNE

'Hoe goed wy it hawwe, dat realisearrest dy pas as it misgiet. Yn Oekraïne gie it dit jier goed mis. Ruslân foel it lân binnen en it wie oarloch. Ik fielde my best wol machteleas, want ik woe wol helpe, mar wist totaal net hoe. Ids, fan de Omrop, fielde itselde en gie dêrom nei Elise Nammensma ta. Mei har pake en beppe sammele Elise guod yn foar de flechtlingen. Hoe't dat gie? Sjoch gau op ús kanaal.'



2 WENJE YN FRYSLÂN N

As wy it oer wenjen hawwe, dan hawwe wy it ek oer bouwe. Ik haw it ôfrûne jier sels ek bot oan it bouwen west, want ik haw sels in studio makke! Ik koe dat reedlik goed sels dwaan, mar ast echt in hûs bouwe wolst, dan hast faak in arsjitekt nedich. Hoe't dat wurket, dat kinst sjen yn in fideo op ús kanaal. Sykje mar nei 'wenje', dan fynst it wol!



3 TJITS OP REIS

'Pff, ik wie in skoftke lyn wol wat jaloersk doe't ik Tjits har floch seach. Tjits hat fan 't winter lekker de waarmte opsocht, hearlik nei Gran Canaria. Sy naam jim fansels mei op har reis. Spitigernôch gie har kamera stikken! Gelokkich kin se jim dochs noch de moaiste foto's en fideo's sjen litte dy't har famylje makke ha. Alle dagen is der in nije floch te sjen fan Tjits, check har kanaal!'



4



'SjONG junior is yn folle gong! Fan april ôf koene jim alle wiken sjen nei in nije ôflevering en hooplik folge jim it noch hieltyd.

Acht skoallen mochten mei my in nij nûmer skriuwe, meitsje én ynsjonge. Rekkenje mar dat dat 8 bêste hits wurde! Ien fan de nûmers is skreaun troch De Twiner út Sint Jabik en giet oer... Fryslân!

Oft Sint Jabik ek winne sil yn de grutte finale witte wy 10 juny, want dan stride de 8 skoallen om de titel yn De Lawei yn Drachten. De ôfleveringen fan SjONG junior fine jim op ús kanaal.'



Alle fideo's en programma's fan Omrop Fryslân Tsjil kinst fine fia de Omrop Fryslân Tsjil-app, YouTube en Instagram. Folgest ús? Dat soene wy leuk fine!

'Goedemorgen lieve mensen, fijn dat jullie er weer zijn. Zouden jullie even bij het doel willen komen? Ik wil jullie aan iemand voorstellen.' Yfke sjocht nei Jeroen, har coach. Wêrom praat er Nederlânsk? O, der stiet immen neist him. Se sjocht om har hinne, it fjild rûn. It fuotbalteam is al drok dwaande. Guon dogge in ien-twake en in groepke rint har waarm. Mar as se Jeroen hearre, stopje se. Ah, by de sydline sjocht se Riemer. Se draaft nei him ta. Hy sit foaroer bûgd en strikt de fiters fan syn skuon. 'Hee Riem, opsjitte, jong! Der is in nije spiler. Sjoch mar!' Se wiist nei harren coach. Riemer sjocht nei Yfke en dan nei Jeroen. Der stiet in jonge mei in donkere hûd en swarte flechtsjes yn syn hier neist de coach. Riemers mûle sakket iepen. It hiele team stiet

yntusken om Jeroen hinne en sjocht nijsgjirrich. 'Vorige week vertelde ik al dat iemand ons team komt versterken. Vandaag is hij er. Dit is Yonas. Hij woont drie jaar in Nederland en verstaat de taal al aardig. Fries vindt hij nog lastig, dus spreek zoveel mogelijk Nederlands met elkaar. Wil je nog iets over jezelf vertellen misschien?' Yonas hat de hiele tiid nei de grûn sjoen, mar sjocht no foarsichtich de groep rûn. 'Eh, mijn naam is Yonas. Ik ben dertien jaar. Ik kom uit Eritrea. Ik blij ik spelen in team.' Jeroen jout him in skouderklopke. 'Welkom in ons team, Yonas. Stellen jullie je even voor aan Yonas? Dan beginnen we daarna met de warming-up.'

Wifeljend rinne de spilers nei Yonas. 'Kom op,' seit Yfke. 'Wy geane ek.' Riemer suchtet, mar rint achter Yfke oan. 'Ik ben Yfke. Leuk dat je bij ons in het team komt.' As se fierder rint, heart se Riemer achter har sizzen: 'Do kinst noch wol in leske Nederlânsk brûke, hear ik wol.' Hy laket wylst er dit seit en rint gau fierder. Yonas lûkt in betinklik gesicht, mar laket werom en sjocht alwer nei de oare spiler dy't him foarstelle wol. Jeroen fluitet. 'Ok, we beginnen. Hakken-billen heen en knieheffen terug.'





Daarna nog twee keer een sprintje.' Yfke draaft achter Riemer oan. By de sprint hat se muoite om him by te hâlden. Wat is dy ynienen fanatyk! Hy hellet elkenien yn dy't foar him rint. As hy Yonas foarbyrint, heart se Riemer sizzen: 'Kom op, sleauwe. Kinst net flugger?' Yfke besiket noch om Riemer by te hâlden, mar jout it op.

Jeroen fluitet. 'Goed, jullie zijn nu wel opgewarmd, denk ik. We gaan een partijtje spelen. Twee teams van zes spelers dus. Team A heeft als keeper Benthe en Team B heeft Floris. Benthe en Floris, jullie mogen kiezen.' Dit kin noch wat wurde, tinkt Yfke foardat se begjinne. Riemer sit nammentlik yn team A en Yonas yn team B.

Benthe trapet ôf en al gau ûntstiet der in gefjocht op it middenfjild. Doutzen krijt de bal en spilet de bal yn ien kear troch nei Yonas. Yonas besiket Riemer út te spyljen. Yonas komt foarby Riemer en wol op 'e goal sjitte, mar Riemer tackelt Yonas mei syn rjochterfoet. De bal rôlet stadich nei de goal. Yonas falt op 'e grûn en grypt

nei it ankel. 'Ja jong, no draafst net sa hurd mear, hin?' ropt Riemer foardat er fuortrint.

Yonas wriuwt oar syn ankel en giet foarsichtich oerein stean. Lilc sjocht er Riemer nei. Yfke skodhollet. Soms begrypt se neat fan dy jonge. Jeroen fluitet. 'Penalty voor team A. Yonas, neem jij hem?'

Jeroen wiist nei de bal en it doel. De bal leit yn it gers te wachtsjen. Yfke sjocht dat Riemer wat fan 'e grûn pakt. Stadich rint Yonas rjochting bal. Ut har eachhoeken wei sjocht Yfke dat Riemer wat rjochting Yonas smyt. Krekt as hy de bal rekket, giet Yonas syn hân nei syn holle. 'Ahh!' De bal wurdt net goed rekke en hâldt al nei trije meter stil. 'Riemer, kleedkamer. Nu!' ropt Jeroen. 'De rest speelt verder.'

Gelokkich, tinkt Yfke, dat waard tiid. Ik moat my der net mei bemuoie, mar ik doch it dochs. Jeroen is net gau lilc, mar no wol. Se heart him as se de klaaikeamers ynrint: 'Hoe soesto dy fiele ast út need yn in frjemd lân bist? Wêr'tst de taal net praatst? Is dit dyn wize om him wolkom te hjitten? Hasto ek mar in idee wat er allegearre meimakke hat foardat er nei Nederlân kaam? En wêr goaidesto mei? In klute?'

Riemer sjocht beteutere nei de grûn en knikt.

'Jonge, wat bisto in oelewapper! Likest wol in lyts bern!'

Jeroen seit net iens tsjin Yfke dat se har der net mei bemuoie moat. 'Ha wy ris in goeie fuotballer yn ús team en dan dochsto sa. Hoe dom kinsto wêze? Bist jaloersk, hin? Sis it mar gewoan earlik. Bist benaud dat hy better fuotbalje kin as dy.' Riemer seit neat en sjocht noch hieltyd nei de grûn. 'Ik ferwachtsje datst dyn ekskuzes oanbiede silst en him fiele litst dat er wolkom is yn ús team,' seit Jeroen. 'Ik helje him no op.' 'Sorry Yonas dat ik zo klierde. Ik zal het niet meer doen.' Yfke hat sawier in bytsje begrutsjen mei Riemer, as se sa nei him sjocht. Dizze giet fierder: 'Als je wilt, kan ik je Fries leren. Ze praten hier veel Fries met elkaar. Het is handig als je het kunt verstaan.' Yonas jout Riemer in hân. 'Bedankt. Ik wil leren Fries. Ik kan al klein beetje: bêst genôch.' Dêr moatte se allegear om laitsje. 'Mooi,' seit Jeroen. 'Dan nu verder met het partijtje!'

NEI IT LÊZEN

1. Watfoar tekst hasto lêzen? Set in rûntsje om de goede letter.

- a in ynformative tekst
- b in reklametekst
- c in ferheljende (verhalende) tekst
- d in ynterview

2. Ut hokker lân komt Yonas?

3. Hokker twa wurden kin Yonas al yn it Frysk sizze?

Op 'e flecht

By it wurd asyl tinkst miskien as earste oan in biste-asyl. Dêr wurde hûnen, katten en oare bisten opfongen dy't gjin baaske ha. In biste-asyl is in feilich plak foar alle swalkjende (zwervende) bisten. Se krije dêr iten en drinken, in plak om te sliepen en fersoarging as se siik binne. Mar in asyl wurdt ek brûkt om minsken in feilich plak te jaan.

Elk jier komme der minsken út oare lannen nei Nederlân. Minsken dy't flechte binne út harren eigen lân en yn Nederlân in dak boppe de holle sykje. As dizze minsken yn ús lân oankomme, kinne se freegje oft se bliuwe meie. Dat hjit 'asyl oanfreegje'. Dizze minsken neame we asylsikers.

Wêrom flechtsje minsken út harren eigen lân?

Flechtsje dochst net samar. Der is bygelyks oarloch yn harren lân of se wurde bedrige om't se in oar leauwen ha of fan in oare stam of in oar ras binne. Of allinnich mar om't se in oare miening ha as de lieder yn harren lân of omdatst bygelyks as man ferlyfde gefoelens hast foar in oare man. As de minsken yn in lân oarloch mei-inoar ha, binne der faak grutte groepen minsken op 'e flecht. Se sliepe dan op strjitte of yn in tintekamp. Guon minsken flechtsje nei it bûtenlân, sa as Nederlân. Soms fia minskesmokkelers dy't dêr in soad jild foar krije, soms komme se ek mei de boat of mei it fleantúch.

Yn 1955 hawwe mear as 100 lannen mei-inoar ôfpraat om minsken op te fangen dy't net mear feilich yn harren eigen lân wenje kinne.

Kinst hjir samar wenje?

In flechtling freget oan it Nederlânske regear oft hy of sy yn Nederlân wenje mei. Dat hjit in asylfersyk. Net elkenien mei samar yn ús lân wenje. Allinnich minsken dy't echt net werom kinne, om't it bygelyks te gefaarlik is yn harren eigen lân, meie yn Nederlân asyl oanfreegje. Dat wurdt ûndersocht troch minsken fan de ymmigraasje- en naturalisaasjtsjinst. Minsken dy't hjir bliuwe meie oant it yn harren lân wer feilich is, binne hjir soms wol in pear jier. Der is ek in groep dy't altyd yn Nederlân bliuwe mei. Salang't de minsken net witte oft se wol of net werom moatte, meie se yn in asylsikerssintrum wenje. Dizze opfang wurdt fersoarge troch it sintraal orgaan opfang asylsikers (COA yn it



Hollânsk). Yn sa'n sintrum krijst wenromte, iten en drinken (of bûsjild om dat sels te keapjen) en in bêd om yn te sliepen. Bern kinne nei skoalle en sport. It liket in gewoan libben, mar dat is it fansels net.

Net sa maklik!

Asylsikers hawwe in soad achterlitten yn harren lân. De bern moatte net allinnich harren freonen en famylje misse, mar ek harren hûs, boartersguod, skoalle en alle persoanlike dinkjes. It lân en de minsken sjogge der hjir oars út, de taal is ûnbekend en in soad asylsikers hawwe in oar leauwen as de measte Nederlanners. Ek de natuer en it waar binne hiel oars: de measte bern fine it hjir kâld en sjogge yn Nederlân foar it earst snie of iis. Hast altyd komme bern yn Nederlân mei harren âlders. It kin ek wol wêze dat heit earst hjirhinne komt en mem en de bern dêrnei. Oant se inoar dan wer sjogge, bliuwt it spannend want soms witte se net iens fan inoar oft se noch libje.

Wêr yn Fryslân?

Yn Nederlân binne sa'n 110 asylsikerssintra fan it COA. Yn Fryslân binne grutte opfangsintra yn Sint Anne, Burgum, Drachten, Snits, Balk en lytse yn Drachten en Beetstersweach. Yn Ljouwert en Heech binne tydlike opfangsintra ynrjochte. No't de stream mei minsken út Oekraïne grut is, hawwe gemeenten tydlike opfangsintra makke.

Boarne: COA (Centraal Orgaan Asielzoekers)



FRAACH FOAR IT LÊZEN FAN DE TEKST



1 Wêr tinkst oan by it lêzen fan de titel? Do kinst dat mei de klasse of in lyts groepke dwaan.

FRAGEN NEI IT LÊZEN FAN DE TEKST

2 Hoe neamst minsken dy't flechte binne út harren eigen lân, yn Nederlân in dak boppe de holle sykje en asyl oanfreegje? _____

3 Wat kin in reden wêze om asyl oan te freegjen? Omsirkelje yn elk rychje de goede reden.

omdat der oarloch yn
dyn lân is / omdatst
graach reedriden leare
wolst yn Nederlân

omdatst in oare miening
hast as de lieder fan dyn
lân / omdatst yn in oar lân
wurkje wolst

omdatst de wrâld rûn
reizgest / omdatst
bedrige wurdst

4 Skriuw trije redenen op wêrom't
minsken út harren lân flechtsje of
bepaat redenen yn in groepke.

5 Wêr stiet de ôfkoarting
COA foar yn dizze tekst?
Do meist kiezen ofst de
Fryske of de Hollânske namme brûke
wolst.



6 Yn hokker rychje steane allinnich plakken dêr't asylsikerssintra fan it COA stean?

- ☐ A. Drachten, Snits, Heech, Balk
- ☐ B. Sleat, Sint Anne, Beetstersweach, Ljouwert
- ☐ C. Dokkum, Warkum, Snits, Akkrum
- ☐ D. Burgum, Ljouwert, De Lemmer, Sint Nyk



KING of Wilhelmina?

Dit jier is it hûndert jier lyn dat it KING-pipermuntsje syn namme krige. Fansels binne der mear merken pipermunt, mei elk harren eigen geheim resept, mar we witte hast allegear hoe't in pipermuntsje priuwt. Yn dizze Tsjilpost leart mear oer dit âlde, mar noch altyd populêre suertsje.

FRYSKE MUNTSJES

Yn 1892 bestie suertsjefabryk Fortuin út Dokkum 50 jier. Om hjir by stil te stean, brochten se in spesjaal pipermuntsje op 'e merk om prinses Wilhelmina har tolfde jierdei te fieren. It wie in grut sukses want it Wilhelmina pipermuntsje bestiet noch altyd. Yn 1902 begûn de firma Tonnema út Snits ek pipermuntsjes te meitsjen. Dizze muntsjes krigen 20 jier letter de namme KING. Dizze namme hat neat te krijen mei it keningshûs, mar is de ôfkoarting fan 'Kwaliteit In Niets Geëvenaard'.

FRISSE SMAAK

Pipermunt waard eartiids as suertsje, mar ek as medisyn sjoen. It frisse smaakje soarget foar in goed sin en jout dy in fris gefoel. Fierder jout it fersêfting by ferkâldenheid en kin it helpe by it fertarren fan iten. It pipermuntsmaakje wurdt ek brûkt yn toskpoetsersguod (tandpasta)



en kaugom en komt fan de plant *Mentha piperita*. 'Mentha' betsjut sterk rûkend en 'piperita' is in ferwizing nei de skerpe smaak, lykas by piper. Yn pipermuntsjes fan ferskate merken kin de ferhâlding tusken pipermuntoalje en sûker oars wêze, wêrtroch de skerpte fan it muntsje wikseljend is.



PIPERMUNTOALJE

De pipermuntplant wurdt ferboud yn Ingelân, Frankryk, Japan en Amearika. De plant wurdt sa'n 50 sintimeter heech en hat in sêftgriene kleur. De blomkes binne, do riedst it grif al, wyt. As it tiid is foar de risping (oogst) wurde de planten ôfsnien en bliuwe se noch in skoftke op it lân lizzen te drûgjen. Yn it fabryk kinne se pipermuntoalje út 'e plant helje dat brûkt wurdt foar de produksje fan pipermuntsjes. Fan ien fjouwerkante meter lânbougrûn mei pipermuntplanten krigest mar sawat trije gram pipermuntoalje. Kinst dy foarstelle dat dizze oalje dus aardich djoer is.



TSJERKEBIKS

Pipermuntsjes steane mei stip op nûmer ien as snobbersguod yn 'e protestantske tsjerke. Foar't de preek begjint, sjochst faak dat minsken gau in muntsje út 'e bûse of tas helje. In preek duorret sa'n 30 oant 40 minuten en troch it sobjen op in fris muntsje bliuwt better by de les. Grappich is wol dat minsken yn griffomearde tsjerke meastentiids Wilhelmina pipermunt hiene en de minsken yn 'e herfoarme tsjerke KING. Wêrom? De preek yn 'e griffomearde tsjerke duorre faak wat langer en dan keas men foar in tsjokker (dikker) muntsje. In pipermuntsje krige ek wol de bynamme 'it wite horloazje'; nei it sobjen fan trije muntsjes is de preek foarby. Hjoeddeisk snobje de minsken yn tsjerke njonken pipermunt ek wol oare suertsjes, sa as mentos, in dropke of fruttella's.



FRAGEN

FRAACH FOAR IT LÊZEN FAN DE TEKST

1

Ytsto thús wolris pipermunt of hast in oantinken oan pipermunt? Bepraat it mei dyn skoudermaatsje of yn dyn groepke.

FRAGEN NEI IT LÊZEN FAN DE TEKST

2

Wêrom begûn Fortuin mei it meitsjen fan Wilhelmina pipermunt? Kies it goede antwurd.

- A. Om it tolfjierrich bestean fan it fabryk te fieren en de fyftichste jierdei fan prinses Beatrix.
- B. Om it tolfjierrich bestean fan it fabryk te fieren en de fyftichste jierdei fan prinses Wilhelmina.
- C. Om it fyftichjierrich bestean fan it fabryk te fieren en de tolfde jierdei fan prinses Beatrix.
- D. Om it fyftichjierrich bestean fan it fabryk te fieren en de tolfde jierdei fan prinses Wilhelmina.

3

Wêr is it iten fan pipermunt goed foar? Skriuw fjouwer dingen op.

- 1 _____
- 2 _____
- 3 _____
- 4 _____

4

Eefkes rekkenje: hoefolle fjouwerkante meter lânbougrûn hast nedich foar in kilo pipermuntoalje?

5

Wêrom wurdt pipermunt ek wol 'it wite horloazje' neamd? Jim kinne dit yn in lyts groepke beprate.

6

Witsto wat der bart ast in Mentos yn in flesse kola dochst? En witst wêr't dit troch komt? Sykje it op ynternet op. Jim kinne dit mei de klasse of in lyts groepke beprate.



WITST AL DAT!?

417 km/oere op de sneldyk



In Tsjechyske multymiljonêr hat yn july foarich jier yn Dútslân op Autobahn A2 tusken Berlyn en Hannover mei syn Bugatti Chiron sportwein in snelheid helle fan mear as 400 km/oere (om krekt te wêzen: 417). Begjin dit jier hat er de bylden op ynternet set. Libbensgefaarlik fansels om sa te 'boartsjen' op 'e iepenbiere dyk. Leau it net? Googelje dan mar eefkes op Bugatti Autobahn 417.

Fulkaanútbarsting by Tonga



By de eilannegroep Tonga yn 'e Stille Oseaan hat in hiel grutte ûnderseeske útbarsting fan 'e fulkaan Hunga Tonga-Hunga Ha'apai west. De erupsje begûn foarich jier op 20 desimber en einige dit jier op 15 jannewaris yn in gigantyske eksploazje. De knal wie nei alle gedachten 300 oant 1200 kear krêftiger as de atoombom op de Japanske stêd Hiroshima yn augustus 1945. De jiskewolken kamen ferskriklik heech: sa'n 40 kilometer, en op guon plakken mooglik oant 55 kilometer! Dat is in nij rekôr. De eksploazje wie oant yn Alaska, 9000 km fierderop, te hearren.

Restauraasje Super Sabre

Op It Hearrenfean restaurearet it bedriuw Smart Constructions in histoarysk fleantúch. It giet om in North American F-100D Super Sabre fan de Amerikaanske Loftmacht. It tastel hat fan 1956 oant 1960 boppe Nederlân flein want it wie yndield by de 32nd TFS (Tactical Fighter Squadron) fan 'e Amerikaanske loftmacht op de Nederlânske fleanbasis Soesterberg.


It tastel heart ta de kolleksje fan it Nasjonaal Militêr Museum. Neidat it fleantúch jierren bûten stien hat mei it bedriuw op It Hearrenfean it fleantúch wer toanber meitsje foar de museumbesikers.

Scan de QR-koade foar mear ynfo en in filmke.



Iisbearen wenje yn hûzen

Op it eilân Koljoetsjin hat in groep fan 30 iisbearen de hûzen fan in ferlitten doarpke oernommen. Fotograaf en filmer Dmitri Koch hat der prachtige foto's en moaie filmkes fan makke (scan de QR-koade). Hy brûkte dêrfoar drones om't it oars te gefaarlik wie. Moaie bylden, mar by Tsjil binne wy bliid dat Koljoetsjin yn it uterste noardeasten fan Ruslân leit en net yn De Alde Feanen by Earnewâld.



Skip mei 4000 auto's sonken nei brân

It autofrachtskip Felicity Ace is yn 'e buert fan de Azoaren sonken nei in brân. Der wiene 4000 auto's oan board en dêr wiene ek hiele djoere eksimplaren by, sa as Porsches, Audi's, Bentley's en Lamborghini's. In aksje fan in Nederlânsk bedriuw om it skip te rêden is mislearre. It skynt dat de wearde fan de auto's sa'n 393 miljoen euro wie. De bemanning fan de Felicity Ace wie gelokkich earder al fan board helle troch in helikopter fan de Portugeeske loftmacht.



NASA wol wer nei de moanne

De Amerikaanske romtefeartorganisaasje NASA is dwaande mei de tarieding om minsken nei de moanne te bringen. Mei in SLS-raket wurdt in Orion-moannelanner lansearre. De earste misje sil in test wêze sûnder bemanning. Op de twadde reis sille der fjouwer astronauten mei de Orion nei de moanne. De SLS-raket mei de Orion is hiel grut: sawat 100 meter heech! De earste flucht hat as namme: Artemis-I.



Moarn mar wer even yn it waar sjen...

Op snein 20 maart is ús ferneamde Fryske waarman Piet Paulusma ferstoarn. Oant krekt foar syn dea wie er noch aktyf as waarman. Yn 1978 hie er op telefyzje in kursus oer it waar folge en dêrnei waard hy waarman by Omrop Fryslân radio en tv. Letter waard Piet Paulusma ek waarman by ûnder oare SBS6 en omrop MAX. No is it oan jim. Miskien dat ien fan jim letter dé nije waarman of waarfrou wurdt? Wa fynt it waar sa nijsgjirrich? Sjoch geregeld yn it waar, fiel de wyn... want do witst mar noait!



Rêdingsboat fan Skylge helle Dútske silers út see



De KNRM-rêdingsboat fan Skylge helle yn maart fjouwer silers út it kâlde seewetter. Harren syljacht wie fêstrekke op in sânbank en troch de weagen omslein. Troch de rappe aksje ha de silers it aventoer oerlibbe!





Eliza Stecher

In lekkere gadogado, of in pittige ajam pedis. Eliza Stecher (14) út Weidum is gek op Yndonezysk iten. Har heit hat in Yndonezyske foodtruck en sy helpt geregeld mei. Dat is leuk, want sa leart se in soad oer har Yndonezyske komôf.

As Eliza freedts út skoalle komt, fytst se nei de merk yn Ljouwert. 'Dêr stiet ús heit mei syn foodtruck en dan help ik him. Ek op sneons en yn 'e fakânsjes help ik mei itensieden en de ferkeap.'

De beppe fan Eliza waard berne yn Yndonezië en kaam yn 1956 nei Nederlân ta. 'Us heit is yn Fryslân berne en grut wurden, mar syn leafde foar Yndonezië is grut. Iten is in

belangryk ûnderdiel fan ús kultuer en dy leafde haw ik fan him meikrigen.'

KRÛDICH ITEN

Har heit is thús ek graach oan it itensieden. 'As lyts famke help ik him al. Dan mocht ik de krûden oanjaan.' No't se wat âlder is, leart Eliza ek hoe't se sels it iten meitsje moat en hokker krûden it bêste derby passe. 'Ik fyn dat hiel leuk, mar it freget ek geduld. Yndonezysk iten is hearlik, mar it freget in soad tiid.'

Sels hâldt Eliza bot fan ajam pedis, in pittich gerjocht mei hin, en ek de gadogado fynt se hearlik. 'Dat is in rysgerjocht mei aai, farske griente, seroendeng, tempeh, tahoe en kroepoek. It priuwt hiel farsk en fris.'

OREIS YNDONEZIË

Doe't se njoggen jier wie hat Eliza mei har heit in pear wiken nei Yndonezië west. 'Dat wie oerweldigjend. It is dêr sa moai en it iten is hearlik. Ik soe der graach nochris hinne wolle en dan ek de Maleiske taal ferstean kinne.' Mei har heit sjongt se wolris in Maleisk ferske. 'It soe fantastysk wêze om dy taal goed te learen.'

Itensiede is in grutte passy fan Eliza, mar sels wol se letter gjin eigen foodtruck. 'Ik hâld ek ôfgrysliek fan sjongen, dûnsjen, aktearjen en ik wol graach reizgje. Of sjoernalist wurde, dat liket my ek geweldich. Mar de leafde foar Yndonezysk iten wol ik seker trochjaan oan de folgjende generaasje.'





Boereswel



Hússwel

‘Eén zwaluw maakt nog geen zomer’, mar fjouwer miskien wol. Der briede yn Fryslân fjouwer soarten sweltsjes. De boereswel (boerenzwaluw), de hússwel (huiszwaluw), de ierdswel (oeverzwaluw) en de toerswel (gierzwaluw). Se lykje alle fjouwer wol wat opinoar, mar der binne dochs in pear dúdlike ferskillen. De twa grutste ferskillen binne de kleuren fan de fûgeltsjes en it plak dêr’t se briede.

De boereswel wennet it leafst by de boer. Se bouwe it nêst yn ‘e skuorre of yn ‘e stâl. Boereswellen binne swart-wyt mei, om ‘e snaffel, in dúdlike reade flek. As sweltsjes begjinne te nêstmeitsjen moat de boer der goed om tinke. Der moat dan altyd in doar of raam iepenstean bliuwe, oars kinne de sweltsjes net yn en út fleane. In protte boeren ha wol nocht oan sweltsjes omdat se michjes ite en dy wol de boer wol kwynt.

De hússwel wennet fansels by huzen. De hússwel hat gjin reade flek. It fûgeltsje is swart-wyt. It nêst meitsje se fan klaai en modder en plakke se ûnder de daksgoate.

De ierdswel is griis mei in wyt búkje en makket it nêst yn ‘e grûn. Se sykje dêrfoar in rjochte wâl, it leafst boppe it wetter. Yn in protte doarpen helpe de minsken de ierdswel troch in swellewand te meitsjen. In swellewand is in betonplaat mei gatten. Achter dy betonplaat graaft de ierdswel sels it nêst út.

De lêste swel is de toerswel. Toersweltsjes binne donkergriis en briede ûnder de dakpannen fan âlde huzen en tsjerken. Toersweltsjes sjochst eins noait fan tichteby. Se sweve heech yn ‘e loft en komme noait op ‘e grûn.



Ierdswel



Swellewand

Olivia Rodrigo komt nei Nederlân



Sjongeres Olivia Rodrigo komt foar it earst nei Nederlân. 22 juny 2022 jout se in konsert yn AFAS Live yn Amsterdam! Dit wurdt Olivia's

earste wrâldtoer, oftewol de Sour Tour, ferneamd nei har earste album. Op Sour steane ûnder oare *Good 4 you* en *Drivers license*, it meast belústere nûmer op Spotify wrâldwiid dit jier. Foardat Olivia bekend waard mei har muzyk, spile se de haadrol yn *High School Musical: The Musical: The Series* en yn *Bizaardvark*, in searje fan Disney Channel. De Sour Tour is yn april start yn San Francisco en einiget yn july yn Londen.

Sjongeres en rapper S10 giet nei it Eurovisie Songfestival

S10 kensto miskien fan it nûmer *Adem je in*, dêr't se in skoft lyn in hit mei hie. Har echte namme is Stien den Hollander. S10 sprekst út as: es-tien. Se wie pas 17 jier âld doe't se in kontrakt tekene by it Nederlânske hiphoplabel Noah's Ark.

S10 is sjongeres en rapper en makket hiphop/alternative popmuzyk. It nûmer dat se sjonge sil op it Songfestival hjit *De Diepte*, in Nederlânsktalich nûmer. Dat is bysûnder, want de lêste kear dat dat barde wie yn 2010. Doe fertsjintwurdige Sienke ús lân mei *Ik ben verliefd (sha-la-lie)*, alwer 11 jier lyn dus. Ferline jier waard it Songfestival yn Rotterdam holden. Doe fertsjintwurdige Jeangu Macrooy Nederlân. De Nederlânske Stefania die ek mei, mar dan foar Grikelân. De Italiaanske rockband Måneskin wûn de finale. Dêrom is it festival dit jier yn it Italiaanske Turijn op 14 maaie.




Baby Shark is de earste fideo mei 10 miljard views

Baby shark, doo doo doo doo doo. Baby shark, doo doo doo doo doo doo. Baby shark, doo doo doo doo doo doo. Baby shark! Sa, dy krijst hjoed nei alle gedachten net



mear út 'e holle. It herkenbere, en neffens guon minsken ek behoarlik yrritante, berneferske is de earste fideo dy't mear as 10 miljard kear besjoen is op YouTube. Bêst knap, want op 'e wrâld libje mar 7,9 miljard minsken. De fideo waard yn 2016 op YouTube pleatst, mar it ferske is nei alle gedachten al sa'n 50 jier âld. Wa't it nûmer krekt makke hat is net bekend. Yn de jierren '70 waard it yn 'e VS al geregeld songen. Baby Shark wie al de populêrste fideo op YouTube ea. It ferske stiet op it account fan it Súd-Koreaanske bedriuw Pinkfong. It ferske is sa populêr dat der sels boartersguod, klean, boeken en in echte live teätertoer fan makke is. Yn Baby Shark Live kinst mei dûnsje en sjonge op de ferskes fan Pinkfong. Yn 2020 makken de makkers in spesjale koroana-ferzje fan it ferske. Om it waskjen fan hannen oan te moedigjen waard Baby Shark omboud ta Wash Your Hands.



Microsoft keapet Call of Duty-bedriuw foar 60 miljard

In megadeal yn 'e gamewrâld: Microsoft keapet yn 2023 gamebedriuw Activision Blizzard foar 60,4 miljard euro. Dat is 60.400 miljoen euro! It gamebedriuw is ûnder oare bekend fan de games Call of Duty, Hearthstone, Overwatch, Warcraft en Candy Crush. Xbox Microsoft is ien fan de grutste bedriuwen fan 'e wrâld en is benammen bekend troch de ferkeap fan kompjûterprogramma's. It bedriuw hat ek de Xbox makke en hat in abonnemintstsjinst foar games. Dêr wurde âlde en nije games fan Activision Blizzard yn 'e takomst nei alle gedachten oan taheakke.

SUDOKU

		1	9	5		3		
3		2	1				4	
	9		6		4	2	5	
	3	9			5			7
		6	7	9		4	2	5
	7			2		9		
	4	5		1		8		
	8	7	2				3	6
			5		6		1	

Allegearre tige tank foar it ynstjoeren fan jim antwurden fan de foarige puzzel!

De priiswinner fan de puzzel yn Tsjil 6 is **groep 5/6 en juf Nicole Hovenga fan basisskoalle de Gearing út Ie.**

De oplossing fan de trochstreepkruiswurdpuzel wie **SINNEBLOM** en út de hynstesprong kaam **WETTERRÔT**.



TROCHSTREEKPUZEL

It tema fan dizze Tsjil is: ús plak op 'e wrâld. Dat plak kin letterlik dyn eigen doarp of stêd wêze. Dêrom dizze kear in puzzel fol doarpen en stêden yn Fryslân. De letters dy't oerbliuwe foarmje ek wer in doarp of stêd. Skriu de namme fan dit plak yn in e-mail en stjoer dy foar **30 maaie** nei tsjil@cedin.nl. Skriu dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailsje.

T	N	E	G	Ê	R	B	R	E	T	S	R	A	K	S
O	E	D	A	H	O	U	T	I	G	E	H	A	G	E
P	K	B	E	B	E	L	L	I	L	E	G	N	A	L
P	I	O	G	R	A	R	W	O	L	V	E	G	E	A
E	D	A	E	I	C	S	A	K	A	H	C	E	E	H
N	R	L	L	T	H	R	R	L	D	R	Y	L	T	S
H	E	S	L	S	L	A	U	A	G	O	U	T	U	M
U	K	E	O	U	U	E	M	B	C	S	L	E	A	T
Z	S	R	F	M	M	B	H	D	U	N	E	G	E	A
E	A	T	K	O	L	L	U	M	N	E	P	L	Y	H
N	H	T	T	E	R	K	A	P	L	E	N	E	S	W
R	E	A	H	E	L	F	E	R	W	E	R	T	E	Y
M	U	K	R	A	W	N	M	U	R	T	S	I	J	N
L	A	N	G	W	A	R	P	R	E	T	R	E	O	S

Achlum
Arum
Balk
Bears
Boalsert
Britsum
Drylts
Dunegea
Ferwert
Follegea

Goutum
Haskerdiken
Hylpen
Houtgehage
Heech
Jistrum
Kollum
Langelille
Langwar
Nes

Oerterp
Reahel
Skarsterbrêge
Sleat
Terkaple
Toppenhuzen
Warkum
Wyns
Wolvegea

SUKSES

HYNSTESPRONG

De hynstesprong komt út 'e skaaksport. Dêr mei it hynder twa foarút en dêrnei ien nei links of rjochts springe. Yn dizze puzzel stiet de namme fan in bist mei njoggen letters. Alle bisten dogge mei. De namme fan it bist begjint mei de reade letter. De lêste letter stiet yn it middelste fakje. Mei de hynstesprong kinst de oplossing fine. Mail de oplossing nei tsjil@cedin.nl

o	û	n
e	t	a
t	p	z



OARS EN DOCHS ITSELDE

